

Abe fan it Fean



As jonkje wie hy al ien mei de bal, drave en fleane, hie de grutste lol
Hy fleach alles foarby
Hy behearske de bal as wie it neat, en syn ynsjoch yn it spul wie lang net ferkeard
Hy stie samar frij

Altyd op it fjild mei de bal oan 'e foet, traine eltse dei en wat waard er goed
Dit is wat er woe
Abe waard grut en men hie it al tocht, gjin libben sûnder bal, dizze man wie
ferkocht
En elts wist dat er it koe

Abe, Abe fan It Fean!
Abe, Abe fan It Fean!
Abe, Abe fan It Fean!
Abe fan It Fean!

By it Nederlânsk alvetal op papier, as jonkje fan amper 19 jier
Doe mocht hy dêr al stean
Mei Abe rûn stadich de spanning op, dan sette hy it stadion op syn kop
Wat wie men grutsk yn It Fean

Yn 1950 doe barde it in kear, 5-1 foar Ajax, dat die wol sear
It wie sa goed as ferlern
Mar mei Abe yn it fjild, fiif goals op in rij, sa gie it kampioenskip oan Ajax foarby
Ús Abe wie the man

Abe, Abe fan It Fean!
Abe, Abe fan It Fean!
Abe, Abe fan It Fean!
Abe fan It Fean!

Lang stie Abe foar it pompeblêd, dochs gie er as spiler nei in oare stêd
Nei Sportclub Enschede
Dochs bliuwt er foar Fryslân de grutste prof, de earste sportman fan it jier,
Is dat net tof?!
Ús Abe is okee

Abe, Abe fan It Fean!
Abe, Abe fan It Fean!
Abe, Abe fan It Fean!
Abe fan It Fean!

